

Fan ophâlden witte

F20 19-2-'11

Roman

troch Jaap Krol

Romke is in 'gewoane jonge fan it plattelân' skriuwt de flaptekst fan *It libben in dream*, in 'roman yn ferhalen'. Skriuwer Simen Oetie (pseudonym fan Simen de Jong) skreau der tolve en dield se yn yn de subhaadstikken *Noch thús*, *It hûs út*, *Amsterdam* en *Leafdes*.

No, sa gewoan is Romke net. Hy komt bygelyks telanne yn in SM-klub (*Ikkel en kastanje*), reizget as jongfint op de bonnefoai troch de USSR (*Troch it izeren gerdyn*) en komt sawol thús as oeral yn 'e wrâld yn kontakt mei de meast eksoatyske persoanen. Ien dêrfan is in freon út it ferhaal *De pion*: 'Frjemd, doe't myn freon troch de doar kaam, like er wol tommen lytser, it hier wie net read mear, hy miste in foartosk en wie meager as in bonkerak.' (side 107). Dy freon fertelt Romke oer syn solosylreis oer de wrâld, dêr't er hast - mar dan ek hâst - mei boat en al fersûpt wie. In oare gast is Enrico, in Italiaanske professor Sanskryt, dêr't

Romke yn it ferhaal *Leafde hâldt skoft* mei troch Yndia reizget en op besite giet by de Maharadja fan Nawanager. Yn syn enoarme paleis beprate de hearen de leafde. Tsjin it dekor fan earm en ryk, skjin en smoarch wurdt it kontrast tusken de gevoelige, mar moedige Romke en de

Yn de bettere ferhalen lykwols lit Oetie sjen dat er fertelle kin


omraak gedichten sitearjende, mar deadsbenaude yntellektueel útwurke.

Ik krige ynearsten net safolle fet op Romke. As bern fyn ik him in tikje te wiis, as jong folwoeksene wer wat te nayf. Guon ferhalen binne ek betize en omslachtich skreaun. Yn de bettere ferhalen lykwols lit Oetie sjen dat er fertelle kin: dizze ferhalen hawwe net allinnich humor, de skriuwer wit ek in

bepaalde gevoelichheid yn in tekst te lizzen - in bepaalde yntimiteit, soe ik sizze wolle. Boppedat wit Oetie fan ophâlden, sadat de aventoeren net fol sitte mei neatsizzende details of oerstallige dialogen. *De pion* bygelyks is in bysûnder spannend ferhaal mei in prima spanningsbôge, dêr't de feromming fan ôfdrieket. *Leafde hâldt skoft* is in prachtige oade oan de ivige striid tusken ferstân en gefoel, tusken libje en libbe wurde.

In slagge boek dus. Wol soe ik skriuwer en útjouwer oanriede wolle tenei in wat bettere redaksje oer de tekst gean te litten. Ferrekte spitich dat potinsje it soms ôflizze moat tsjin safolle ynterpunksje- en opmaakflaters. In boek is noch altyd in boek - en gjin ynbûne pak stinsels.

i *It libben in dream*. Simen Oetie. *Elkser*, 16,50 euro



Simen de Jong / Simen Oetie. Foto: Marchje Andringa